



2010



# In nije tiid, in nije wize fan sjen.

*Doarpsfisy 2010 - 2020*



2020

## *In nije tiid, in nije wize fan sjen*

*Dat soe men sizze kinne fan de Eastermarder Doarpsfisy 2010-2020. Sa'n tweintich ynwenners, dy't in trochsneed fan de Eastermarder befolking foarmje, ha as inisjatyfgroep mear as hûndert (!) ideeën oandroegen as yngrediïnten foar de doarpsfisy. In troch Doarpsbelang ynstelde klankboerdgroep hat dêrnei al dy ideeën hifke op winsklikens en helberheid, der in seleksje út makke en dy wer foarlein oan de earderneamde inisjatyfgroep. Dêrnei binne de ideeën foarlein oan it folsleine bestjoer fan de feriening fan Doarpsbelang, dat it foar goedkar oanbean hat oan de leden dy't oanwêzich wienen op de ledegearkomste fan de feriening op 22 april 2008.*

# Ynlieding

De ideeën dy't beskreaun wurde yn de fisy, sprekke foar harsels en wurde nedich achte foar de fitaliteit fan it doarp. De ynstek is om yn in oantreklike omjouwing de leefberens te befoardjen dêr't minsken har by thús fiele. By de útwurking fan de ferskate ideeën sil in lykwicht socht wurde tusken de belangen fan minsken, natoer, lânskip en rekreaasje. Dat wol sizze dat gebrûk en tagonklikens net op foarhân útsletten wurde, mar dat minsken en natoer -sa folle mooglik yntegrearre- genietsje kinne fan de Eastermarder lânsdouwe.

It sil jimme opfalle dat der yn dizze doarpsfisy ferhâldingsgewis net folle oandacht is foar it ûnderwerp 'wolwêzen' fan de ynwenners yn Eastermar. Dat hat in hiel goede reden: it bestean fan it senioarekompleks 'de Nije Hoarnst' en de bou fan it multyfunksjonele sintrum 'De Kjellingen' binne foar it wolwêzen yn ús doarp in boppeslach. Yn de Kjellingen is it ûnderwiis konsintrearre, is in konsultaasjeburo festige, der is de opfang foar de âlderein, in stipepunt foar de thússoarch, in praktyk foar fysioterapy. Op it wolwêzensmêd binne der dus net folle winsken, ôf it moat wêze dat dit foarsjenningenivo minimaal op peil bliuwe moat. Op sportgebiet is Eastermar ek goed foarsjoen, al bliuwe der fansels altyd winsken. Doarpsbelang wachtet inisjativen ôf en sil, as it noadich is, de ûnderskate ferienings stypje.

As fansels komme wy no op it belied fan de provinsjale en de gemeentlike oerheid oangeande it wenningbelied dat mar ien adagium ken en dat is: bondeling en konsintraasje. Wy hoopje dat dit belied de kommende jierren trochbrutsen wurde kin en dat de ferdieling fan wenningkotinginten bart op basis fan evenredichheid. Lit de minsken wenje dêr't se wolle!

Eastermar, mei in oerflakte fan 1600 ha., fjouwer kearnen en mei dêrtroch ien fan de grutste doarpen fan Fryslân, hat troch allinne al sa'n 18 km oan wegen bûten de beboude kom, romte genôch om te wenjen. Yn de foarlizzende fisy wurde fierder twa útgongspunten hantearre soe men sizze kinne: it iene is fernijend en oanfoljend en it oare behâldend of konservearjend, bygelyks de buorren.

Fierder wurdt der oandacht bestege oan de skiednis fan Eastermar en mei bliken dwaan dat in stikje histoarysk besef net alhiel ûntbrekt. Dêrby kinne we fansels net om Dam Jaarsma hinne, mar ek oare saken dy't ûnder it kopke 'kultuer' passe, wurde meinommen yn de Doarpsfisy.



## Ynhâld

<i>Romte en Wenjen</i> .....	4
<i>Wenjen en Wurkjen</i> .....	7
<i>Byld-/kwaliteitsplan</i> .....	9
<i>De Buorren</i> .....	11
<i>Ynfrastruktuer en Ferkear</i> .....	13
<i>Rekreaasje en Ynfrastruktuer</i> .....	14
<i>Kultuer</i> .....	19
<i>Ferskate oandachtspunten</i> .....	20
<i>Bylagen</i> .....	21

# .1 Romte en Wenjen

By wenjen wurdt omtinken jûn oan tradisjonele en lúkse wenningen. Der wurdt rekken hâlden mei alle leeftiidskategorieën. Op dit momint liket it hast sa fier te wêzen dat útwreiding oan de noardeastkant fan it doarp, dêr't we al sûnt it begjin fan de njoggentiger jierren op wachtsje, syn beslach kriget. Eins moat der sein wurde: foar de helte syn beslach kriget. De twadde helte mei net earder útfierd wurde as nei 2010, wat ynhâlde kin dat it optimistysk sjoen 2011 wurdt en pessimistysk 2020. Hoe dan ek, oer ien ding binne we it iens mei ús regionale oerheden: dêrmei is it doarp yn dy rjochting klear.

## Reguliere útwreiding oan de eastkant doarp

Doarpsbelang is fan miening dat in folgjend nij útwreidingsplan komme moat oan de eastkant fan it doarp. Wy doele dan rûchwei op it terrein om en by de Nije Hoarnst (senioareflat), de pleats en de buorkerij fan foarhinne de famylje Westerhof en de eardere iepenbiere skoalle. It plan sil begrinze wurde troch de Zwarteweg, de Grote Hornstweg en oan de eastkant troch in nij oan te lizzen rûnwei (sjoch ek ynfrastruktuer). Dat gebiet is relatyf sjoen minder kwetsber as wannear't fierder yn noardlike rjochting tocht wurde soe.

### Oandachts- en aksjepunten

- oerlis mei gemeentebestjoer
- oanpassen bestimmingsplan
- sanearing buorkerij
- oanlis nije rûnwei

## Ynwreiding Heechsân

It Heechsân, omskreaun yn de literatuer as 'it âlde boeredoarp', moat allinne al om kultuerhistoaryske redenen as wenkearn behâlden bliuwe. Dat soe ynhâlde moatte dat by ôfbraak fan wenningen ferfangende bou útgongspunt wêze sil.

Dêrneist sjocht doarpsbelang noch in pear mooglikheden foar ynwreiding te witten: op it Heechsân foar de nûmers 18, 20, en 22 oer. En oan de Lege Leane: dat stee wurdt ûntsiere troch âlde hokkeboel.

### Oandachts- en aksjepunten

- oerlis mei gemeentebestjoer
- oanpassen bestimmingsplan
- sanearing âlde hokken Lege Leane

## Wenje yn it bûtengebjet

De ferhurde wegen yn it bûtengebjet om Eastermar hinne beslaan sa'n 18 km, dêrneist binne der ek noch de sânreden mei in lingte fan om-ende-by 10 km. Neist lânskiplike kenmerken, sa as de dykswâlen en de elzesingels, wurdt it gebiet komplemintearre troch de histoaryske (lint)bebouwing. Wenjen en natoer foarmje sa in harmoanysk gehiel en dat is karakteristyk foar it eastlik gebiet fan de gemeente Tytsjerksteradiel.

Yn de fisy fan doarpsbelang binne de neamde eleminten 'lânskip en bebouwing' liedend. De ynstânholding fan it lânskip is by de Feriening Eastermars Lânsdouwe yn tige goede hannen. Hjir en dêr is troch de jierren hinne in oantal wenningen sloopt. Foarbylden binne bygelyks oan de Skûlenboargerwei (de Sânhûskes), oan 'e Achterwei en by de Wytfeansterfeart. Om't it doarp ek yn de takomst mooglikheden hâlde moat foar útwreiding, moat yn it bûtengebjet it elemint bouwen fuortsterke wurde. Der sil besjoen wurde wêr't en yn hokker mjitte it ien en oar mooglik is, mei as rânebetingst dat dêrtroch it lânskiplik histoarysk karakter net skeind wurdt. In belangryk aspekt hjirby is de druk op reguliere útwreiding: dy is minder grut.

Yn syn totaliteit besjoen is ús útgongsfisy in reguliere útwreiding oan de eastkant fan it doarp, en tagelyk passende mooglikheden skeppe yn it bûtengebjet. Dizze kombinaasje hat as foardiel dat in bestimmingsplan minder gau folrint. It seit himsels dat bouwurken, huzen, yn it bûtengebjet oan bepaalde easken foldwaan moatte.

## Oandachts- en aksjepunten

- oerlis mei gemeentebestjoer
- ynventarisasje fan lokaasjes
- bestimmingsproseduere

## Bûtenpleatsen (Landgoedwonen)

Foar de bou fan in bûtenpleats is de omjouwing fan Eastermar tige gaadlik. Ut de skiednis fan it doarp docht bliken dat men dizze miening tusken 1700 en 1800 ek al tagedien wie. Bekend út de skiednis is 'Haersma-State' fan de ferneamde famyljes Haersma en Poutsma. Fierder wie der ek noch sprake fan in Tholens-State.

Yn 'e fisy fan doarpsbelang past in bûtenpleats kwa histoarje mar ek kwa romte en natoer yn 'e omkriten fan Eastermar. Sûnt de tiid fan de ferneamde boppesteande bewenners is der wol wat feroare. Wie in bûtenpleats destiids ôffrede en net iepenbier tagonklik, it útgongspunt is no dat it terrein fan de bûtenpleats tagonklik wêze moat foar elkenien. De ynrjochting fan it net beboude diel sil in rekreative útstrieling ha moatte.

## Oandachts- en aksjepunten

- betingsten: minimaal 5 ha
- frij tagonklik
- oerlis mei gemeentebestjoer
- neier ûndersyk nei gaadlike gebiet(en)





útwreiding oan de eastkant fan it doarp



sanearing âlde hokken Lege Leane



## .2 Wenjen en Wurkjen

### Bedriuweterrein

Yn de fisy fan doarpsbelang is it útgongspunt dat wenjen by it bedriuw mooglik wêze moat. It tsjinnet it gemak fan de ûndernimmer en boppedat spilet it feilichheidsaspekt hjir in net ûnbelangrike rol.

Der wurdt op dit momint net pleite foar in nij oan te lizzen terrein, mar in eventuele útwreiding fan it besteande moat net útsletten wurde.

Yn dit ferbân wurdt as útsûndering de oandacht fêstige op in stripe grûn oan de Grutte Hoarnstwei oan de noardkant fan it bedriuw fan Brouwer & Brouwer. Dizze grûn hat in agraryske bestimming en dat soe feroare wurde moatte yn in bedriuwbestimming.

Eastermar hat in grut oantal lytse bedriuwen mei ien oant sa'n fiif wurkplakken. Dizze bedriuwen ha har geandewei fêstige yn wenningkonsintraasjes. Op 'en doer sille hjir problemen ûntstean fanwege útwreiding, lûdsoerlêst, ensfh.

De bedoelde stripe grûn soe hjir in oplossing foar biede kinne: as bouplak foar in samling fan lytse bedriuwen.

### Oandachts- en aksjepunten

- oanstjoere op fêstiging sammelloads
- oerlis gemeente
- bestimming feroarje / oanpasse

### Boerepleatsen

Hjir en dêr steane en komme boerepleatsen leech te stean. Doarpsbelang is fan miening dat dizze pleatsen safolle mooglik bestean bliuwe moatte.

Allinne al om kultuerhistoaryske redenen is der alles foar te sizzen om dizze gebouwen oerein te hâlden. Doarpsbelang is fan miening dat befoardere wurde moat dat yn leechsteande pleatsen in oare bedriuwsfunksje útoefene wurde mei as de oarspronklike.

Om ferrommeling yn it bûtengebiet foar te kommen is it útgongspunt dat sa'n nije ynfolling ynpandich útfierd wurde moat.

### Oandachts- en aksjepunten

- mooglikheden skeppe foar funksjeferoaring
- oerlis mei gemeente oer op te stellen rânebetingsten





agraryske grûn kriget bedriuwbestimming?



## .3 Byld-/kwaliteitsplan

It oansjen fan de bebouwing nei en om de buorren hinne lit te winskjen oer. Fan de rûnwei (T.Tolstrjitte) ôf en by de yngong fan it doarp kommend fan de Gr. Hoarnstwei, noeget it net út om it doarp yn te gean of yn te riden. Mei oare wurden: it sjocht der frijwat suterich út. Der wurdt al langer oer praat dat in part fan de wenningen op termyn oan ferfanging ta is. It giet dan om de folgjende beboude lokaasjes:

### \* De Teije Tolstrjitte

In grut part fan de wenningen is boud yn de fyftiger jierren fan de foarige ieu troch foarhinne Wenningbouferiening Talma.

### \* It Harstepaad / It Leech

Foar beide giet it om de stikken dy't beboud binne mei saneamde âldereinwenningen.

### \* E.M. Beimastrjitte (it stik tusken Harstepaad en Gr. Hoarnstwei)

De bebouwing bestiet hjir út in partikuliere wenning en de eardere grifformearde tsjerke mei in pastorijewenning. Ek stiet der in partikuliere wenning foar de tsjerke oer, op 'e hoeke E.M. Beimastrjitte - Teije Tolstrjitte.

It leit yn 'e ferwachting dat der op termyn wat barre sil mei de bebouwing fan dizze lokaasjes. Guon wenningen binne oan ferfanging ta en wat der mei de tsjerke barre sil is noch net bekend.

Doarpsbelang sjocht boppeneamde lokaasjes as ien kluster en is fan betinken dat it net sa wêze moat dat hjir op pragmatyske wize te hea en te gers bou en ferbou plak fine moat. De toetsingskritearia dêr't nij- en ferbou oan foldwaan moatte, wurde ferwurde yn it op te stellen Byld-/Kwaliteitsplan.

### Miljeu

In pear steurende objekten oan en by de T.Tolstrjitte binne twa loadsen dy't yn 'e fisj fan doarpsbelang oan sanearing ta binne: it giet om de loads fan dhr. K. Land (f.h. Brouwer) en in loads fan dhr. L. Antonides. Dizze loadsen passe net yn in wenningkonsintraasje. De grûn dy't troch sanearing frijkomt sil dan ûnderdiel útmeitsje fan it kwaliteitsplan.

### Wegestruktuer

De besteande wegen sille útsoarte ûnderdiel wêze fan it op 'e nij ynrjochtsjen fan it omskreaune Kwaliteitsplan.

### Oandachts- en aksjepunten

- oerlis mei it gemeentebestjoer
- oerlis mei it wenbedriuw





de tije tolstrjitte



harstepad / 't leech



e.m. beimastrjitte



âlde loadsen



## .4 De Buorren

Yn it bestek fan de doarpsfisy wurdt ûnder 'de buorren' ferstien: de E.M.Beimastrjitte, it Wâltsje en de Snakkerbuorren. Doarpsbelang is fan betinken dat foar de buorren in saneamd konservearjend belied jilde moat. Ien en oar hâldt yn dat it benammen konsekwinsjes hat foar de bebouwing: foar bou en ferbou jilde spesifike rânebetingsten dy't passe yn in konservearjend belied.

### It Breed

Op dit momint is in wurkgroep begûn mei in ynrjochtingsplan foar it Breed. It bestjoer fan doarpsbelang is al in skoft dwaande om foarstellen te ûntwikkeljen dy't fan it Breed wer in doarpsplein meitsje.

Foar it ienrjochtingsferkear op 'e E.M. Beimastrjitte sil dit ek gefolgen hawwe. It plein sels is in rommeltsje: peallen, buorden en bulten balstien ûntsiere it gehiel. Yn it ramt fan de doarpsfisy binne in oantal suggestjes dien foar it Breed:

- ynrjochtsje as doarpsplein
- poadium
- jeu-de-boulbaan
- hingplak foar senioaren
- autofrij

Fan de oandroegen suggestjes moat noch betocht wurde yn hoefier't dy opnommen wurde sille yn in ynrjochtingsplan.

### Oandachts- en aksjepunten

- bestjoersfoarstel oan de leden ôfwachtsje
- meiwurking gemeentebestjoer freegje

### Ferljochting

De strjitlampen yn 'e buorren, mei útsûndering fan dy op it Wâltsje, foarmje in dissonant. Dy sutrige nijmoadrige ferljochting past absolút net yn de histoaryske en sfearfolle buorren fan Eastermar. Yn de fisy fan doarpsbelang moatte de besteande strjitlampen ferfongen wurde, troch nije 'âlde', deselden dy't destiids op it Wâltsje delset binne.

### Oandachts- en aksjepunten

- oerlis gemeentebestjoer
- âlde strjitlampen ferfange





ynrjochting 't Breed



âlde strjitlampen



nije 'âlde' strjitlampen

## .5 Ynfrastruktuer en Ferkear

As it giet oer wegen en oare ynfrastrukturele saken dy't keppele binne oan haadsaken lykas by it Byld-/Kwaliteitsplan en in eastlike útwreiding mei in nije rûnwei, dan wurde dy yntegraal meinaam yn de fisy op it oanbelangjende ûnderdiel.

### Werstrukturearring Rûnwei

It giet hjir om oanpassingen yn de rûnwei om it doarp, fan de brêge ôf nei de krusing Swartewei / Grutte Hoarnstwei.

Op 'e brêge-ein is in gefaarlike oerstek foar fytsers dy't nei de buorren wolle. In mooglike rotonde hat in dimjend effekt op de snelheid fan it autoferkear en oerstekkende fytsers krije mear tiid om oer te stekken. Op it stik wei dêr't fytsferkear ek gebrûk fan makket, sil troch de foarstelde maatregels de feiligens tanimme.

De oerstek foar û.o. de bewenners fan de Nije Hoarnst nei de buorren wurdt as tige ûnfeilich field en freget om maatregels; de oanlis fan in minirotonde is neffens doarpbelang ek hjir miiskien in goede oplossing.

### Oandachts- en aksjepunten

- oerlis mei it gemeentebestjoer



## .6 Rekreaasje en Ynfrastruktuer

By in doarp mei 1600 ynwenners mei in ferskaat oan leeftiidskategorieën binne rekreaasjemooglikheden fan belang om't dy bydrage oan it wolwêzen fan de befolking. In oare rekreaasjedoelgroep bestiet út toeristen dy't Eastermar besykje foar koarte of langere tiid. De lêste tiid nimt it oantal toeristen ta, mei as gefolch fan de nije haven dy't yn 2007 iepene is. De hoarekatedriuwen yn it doarp ûntwikkelje har as moderne kwalitatyf goede ûnderkommens foar hotelgasten. In oantal campings, twa havens en in grut tal oanlisplakken foar passanten meitsje it toeristyske aanbod frij kompleet.

Rekreaasje-ûntwikkeling tsjinnet, neist in oantreklik leefklimaat, ek in ekonomysk doel. In ferbreiding fan it rekreatyf aanbod sil toeristen oantrúnje om Eastermar te besykjen en om hjir wat langer te ferbliuwen. Sa dwaande sil it ûndernimmingsklimaat stimulearre wurde. It liket dat it fergrutsjen en útwreidzjen fan it rekreatyf aanbod yn prinsipe kâns fan slagjen hat. De lokale oerheid -provinsje en gemeente- hawwe yn har belied oanjûn dat Eastermar by útstek geskikt achte wurdt foar mear rekreaasje.

Doarpsbelang set op dit momint net yn op nije, grutskalige ûntwikkelingen, mar wol graach besteande bedriuwen stypje en dêrneist de ynfrastruktuer fuortsterkje. Ien en oar wol net sizze dat nije bedriuwen op foarhân net wolkom binne, mar doarpsbelang sil dêrta sels gjin inisjativen nimme. Omreden fan natoer en miljeu is it bestjoer fan betinken dat in ôfhâldend belied fierd wurde moat te'n oansjen fan grutskalige nije ûntwikkelingen/bedriuwen by de Burgumer Mar.

Yn willekeurige folchoarder wurde ûndersteande saken fan belang achte:

### Toeriste-ynformaasjesintrum

Yn it ramt fan lanlik belied leit Eastermar yn in gebiet dat mei rjocht as 'Nationaal Landschap' bestimpele is. Yn bestjoerlike fermiddens wurdt op dit stuit neitocht oer de bou en ynrjochting fan in ynformaasjesintrum oer it 'Nasjonale Lânskip de Noardlike Fryske Wâlden'. Doarpsbelang is fan miening dat Eastermar in ideaal plak wêze soe om sa'n ynformaasjesintrum te herbergjen. Der is hjir ommers in soad beweging op dat mêd:

- Sûnt 1992 is de *Feriening Eastermars Lânsdouwe* aktyf dwaande mei agrarysk natoerbehear. De leden fan de feriening wolle duorsume lânbou yn lykwicht hâlde mei miljeu, de streekeigen natoer en it karakteristike lânskip.
- Ek Steatsboskbehear spilet net swak by as it giet om it behâld fan

de natoer om Eastermar hinne

- Sûnt ein 2007 is de Stichting Rom Paad aktyf dy't him ynset foar it behâld fan kultuerhistoaryske eleminten yn 'e streek, it wer tagonklik meitsjen fan âlde en it oanlizzen fan nije kuierpaden.

Neist ynformaasje oer it lânskip is it foar de toerist ek nijsgjirrich dat er ynformearre wurdt oer wegen, paden en kultuer-histoaryske saken dy't Eastermar oanbelangje. De fisy fan doarpsbelang is dat alle ynformaasje eins ûnder ien dak wêze moat.

### Oandachts- en aksjepunten

- oerlis gemeentebestjoer
- op koarte termyn mooglikheden ûndersykje



### Minwaar-ûnderkommen

In minwaar-ûnderkommen stimulearret it ferbliuw en it oantal dagen dat fakânsje-gongers yn Eastermar tahâlde. No't it liket oft de oerheid him gemeentlik en provinsjaal ynsette wol om de rekreaasje yn Eastermar te befoarderjen, moat in minwaar-foarsjenning mooglik achte wurde. Doarpsbelang is der klear foar en wol dêr op ynsette. Oer it plak en it hoe en het fan de foarsjenning moat neier ûndersyk dien wurde.

#### Oandachts- en aksjepunten

- oerlis gemeentebestjoer
- mooglikheden ûndersykje

### Ferbining Boarstleane – swimplak

Dit oan te lizzen swalkerspaad mei oan de iene kant de Burgumer Mar en oan de oare kant in útsûnderlik moai lânskip, is ien fan de oantreklikste trasees dy't men om Eastermar hinne betinke kin. Yn it briedseizoen sil ek dit paad net brûkt wurde kinne!

#### Oandachts- en aksjepunten

- oerlis mei it gemeentebestjoer
- oanpassing bestimmingsplan

### Kuierpaad 'De Stryp'

Eastermar hat al in tal prachtige kuierpaden troch de lânsdouwe. Der binne ek nije inisjativen. Doarpsbelang tinkt yn dit gefal oan in paad fan om-ende-by ien km. It paad begjint frij ticht by de buorren en is by ústek geskikt foar bewenners foar wa't de measte paden troch persoanlike beheiningen net te berikken binne. Ek foar de wetterrekreanten soe dit in moai kuierke wêze om en troch it doarp.

It trasee soe nei ús betinken begjinne kinne by de brêge en yn 'e buorren útkomme, foar de tsjerke oer. De kuierrûte leit dan tusken de Lits en it doarp. Men soe it paad ek in swalkrûte neame kinne. Yn it briedseizoen sil it paad net brûkt wurde kinne!

Mei dit oan te lizzen paad is it needsaaklik dat it ûnderhâld fan de wâlkant fan de Lits oanpakt wurdt. Sa'n trije meter grûn is al ferdwûn yn it kanaal. De ferantwurdlikheid hjirfoar leit by de provinsje.

Yn de fisj fan doarpsbelang soe hjir ek in fiskersplak ynromme wurde kinne en eventueel in pear picnicgelegenheden. Ien en oar freget in neiere útwurking. Oer dit paad is al oerlis geande mei oanbelangjende ynstânsjes. Om't der op dit stuit noch gjin sicht is op it úteinlik resultaat, wurdt dit ûnderdiel meinaam yn de doarsfisj.

#### Oandachts- en aksjepunten

- kosten yn kaart bringe
- ûndersyk finansieringsmooglikheden (wurdt al oan wurke)
- meiwurking freegje fan it gemeentebestjoer
- provinsjaal bestjoer oanrûnjen om ûnderhâld te plegen

### Swalkershutten

Neist fakânsjeminsken dy't Eastermar wat langer oandogge yn hotel/pension of boat, binne der ek de trochgeande passanten/swalkers dy't amper easken stelle en foar ien nacht ûnderdak sykje.

Om oan de primêre winsken fan dizze rekreanten yn 'e midden te kommen, soe neffens doarpsbelang it gemeentlik belied mooglikheden biede moatte. Op de besteande campings soe bygelyks de mooglikheid komme moatte om in tal swalkershutten del te setten, mei minimale foarsjenningen.

#### Oandachts- en aksjepunten

- oerlis gemeente

### Rekreaasje Mûnewier

Begjin 1900 waard op dit plak in molkfabryk boud, neist de mûne dy't der al earder stie. De (rogge)mûne is letter ôfbrutsen. Yn it ramt fan rekreaasjeûntwikkeling sil socht wurde nei mooglikheden om de mûne op itselde plak werom te krijen. De mûne soe dan ynpast wurde kinne yn in breder rekreaasjeplan op dat plak.

#### Oandachts- en aksjepunten

- mooglikheden ûndersykje

### Fytspaad Lits-Houwinksreed (Sumar)

Yn de fisy fan doarpsbelang wurdt in rekreatyf fytspaad oanlein, begjinnend by it âlde diel fan de Sumarderwei, by de Lits lâns en dan sa ticht mooglik by de mar lâns, útkommend op de Houwinksreed foar de lestwei ûnder Sumar oer. Sa'n paad soe wer tige moai oanslute by de rekreaasjeplannen fan de gemeente rjochting Burgum, Earnewâld ensfh.

#### Oandachts- en aksjepunten

- mear ûndersyk dwaan nei in goed trasee
- oerlis gemeentebestjoer

### Rekreaasjeûntwikkeling Skûlenboarch

It gebiet om de de sânput hinne dat begrinze wurdt troch de Mûnekamp en de Joereleane, liket by útstek geskikt foar rekreaasje. Oan de eastkant wurdt troch de gemeente Achtkarspelen ek neitocht oer soartgelikense ûntjouwingen. It doarpsbelangbestjoer is fan miening dat op koarte termyn oerlis mei de gemeente plakfine moat oer in adekwate rekreaasjeynrjochting op dit plak.

#### Oandachts- en aksjepunten

- oerlis gemeentebestjoer

### Oanlis ruter- en menpaden

De omjouwing fan Eastermar is by útstek geskikt foar de hynstesport. In tige grut bûtengebiet trochsnien mei sânpaden biedt kânsen foar dizze sport.

Nettsjinsteande it relatyf grutte oantal sânreden sjit de ynfastruktuer foar de hynstesport te koart. It ûntbrekt oan ferbinings tusken de ferskillende sânpaden. Om fan de iene reed yn 'e oare te kommen moat yn de measte gefallen gebrûk makke wurde fan ferhurde wegen mei drok autoferkear.

Wat soe it moai wêze as der in rûte mooglik makke waard fan de Mounekamp, lâns it yndustryterrein Skûlenboarch en dan fia de Ellensreed fierhinne nei de Burgumer Mar, útkommend by de Piter Johannesreed.

By de oanlis fan it fytspaad lâns de Swarte-wei is rekken hâlden mei in ruterpaad. Dit paad, docht bliken, foldocht net en soe optimalisearre wurde moatte.

### Hynstewaad by de Burgumer Mar

Hynstewaad by de Burgumer Mar  
By optimalisearring fan de ynfastruktuer heart neffens de fisjy de mooglikheid fan in hynstewaad. Op dit momint wurdt tocht oan in lokaasje yn 'e buert fan it Piter Johannesgat.

Yn oerlis mei de rutersport sil fierder neitocht wurde moatte oer de totale ynfastruktuer dy't nedich is foar in optimale sportbeoefening op dit mêd

### Oandachts- en aksjepunten

- Oerlis mei:
  - de rutersport
  - grûneigenaren
  - de gemeente
  - in netwurk fan foarsjennings meitsje



boarstleane



fytspaad Lits - Houwinksreed





oanpak wâlkant Lits



de âld molkfabryk



rekreaasjeûntwikkeling Skûlenboarch



ferbining swimplak - Boarstleane



rúterpaden lâns de Mar

## .7 Kultuer

### Dam Jaarsmamuseum

De grutste samler fan folksferhalen, lieten, mearkes en sêgen út 'e Wâlden wie Dam Jaarsma, dy't syn hiele libben wenne hat oan de E.M.Beimastrjitte 18. Jaarsma is berne op 29 july 1914 as soan fan feehâlder Auke Adams Jaarsma en Hinke Okkes Bosgra. Hy studearre teology yn Grins, helle syn kandidaatseksamen en it foech fan helppreker.

Bekendheid krige er as skriuwer fan toanielstikken en mear as tûzen gedichten. Doe't Dam Jaarsma fiifensantich jier wie, krige er de earepenning fan de gemeente Tytsjerksteradiel as wurdearring foar syn krewearjen op allerhanne mêd. Yn 1991 is Dam Jaarsma nei in wurksom libben ferstoarn. Doarpsbelang is fan miening dat it heech tiid wurdt om in museum oan dizze ferneamde Eastermarder te wijen.

#### Oandachts- en aksjepunten

- ûndersyk dwaan nei in passende lokaasje
- eksploitaasjemoglikheden ûndersykje

### Grûnkontoeren âlde tsjerke - ynformaasjeboerd

In noch neier út te wurkjen idee is it op it tsjerkhôf sichtber meitsjen fan de grûnkontoeren fan de tsjerke dy't oait op dat plak stien hat. Dat soe bygelyks kinne yn de foarm fan balstiennen dy't de fûneminten fan de eardere tsjerke oanjouwe. Fierder wurdt tocht oan in ynformaasjeboerd mei ynformaasje oer de skiednis fan dy tsjerke en de oerbleaune âldtoer.

#### Oandachts- en aksjepunten

- oerlis mei it tsjerkebestjoer
- ûndersyk finansiering



e.m. beimastrjitte 18

## .8 Ferskate oandachtspunten

Understeande ynbrochte oandachtspunten liene har der eins net foar om yn de doarpsfisy fierder út te wurkjen mar binne wol saken dy't it omtinken wurdich binne.

### De folgjende punten wurde yn omtinken jûn:

- Untsluting Skûlenboarch - bestead belied wurdt kritysk folge
- In iepenbiere trailerhelling bij de Komerik
- De takomst fan it pân Wâltsje 33 (de eardere bakkerij)
- In bensinepomp foar boaten en auto's
- De boaiemdelgong is ek in boarne fan soarch

### Organisaasje eveneminten:

- Langeôfstâns kuiertocht troch it Nasjonaal Lânskip de Noardlike Fryske Wâlden
- Langeôfstânsswimtocht tusken Mar en Leien
- Gemeentlik kampioenskip skûtsjesilen
- Iepenloftspul

Boppesteande ûnderdielen wurde as partikulier inisjatyf fan herte oanbefelle by ferienings en ynstellings.



# Bylagen

*Beliedsproseduere* . . . . . 22

*Fertsjintwurdigers ferieningslynstânsjes* . . . . . 22  
klankboerdgroep

*Gearstalling inisjatyfgroep* . . . . . 22  
ynventarisasje ûnderwerpen

*Ynventarisasje ynbrochte ûnderwerpen* . . . . . 23

*Befolkingsopbou 2007* . . . . . 24

*Ferslach gearkomste feriening Doarpsbelang* . . 25  
dd. 22 april 2008



## Beliedsproseduere

- **septimber 2007** Byienkomst fertsjintwurdigers ferienings/ynstellings. Ynventarisaasje winsken en ideeën. Gearstallen wurkgroep foar in fierdere útwurking.
- **oktober/novimber 2007** Opstellen notysje mei seleksje winsken/ideeën en oanbefellings oangeande ynhâld beliedsplan
- **desimber 2007** Beprate fan de notysje yn bestjoeren/ferienings/ynstellings
- **jannewaris 2008** Reaksjes fan ferienings/ynstellings beprate
- **febrewaris 2008** Opstellen konseptplan troch Db-bestjoer, oanfolle mei leden wurkgroep
- **maart 2008** Publikaasje konseptbeliedsplan yn BREEDút
- **april 2008** It konseptbeliedsplan yn 'e algemiene ledegearkomste beprate
- **april/maaie 2008** Konseptbeliedsplan oanpasse oan útkomsten ledegearkomste. Fêststelling beliedsplan 2010-2020 troch bestjoer Doarpsbelang
- **juny 2008** Oanbieding beliedsplan oan gemeentebestjoer. Parseberjochten oer beliedsplan opstelle en ferspriede

De helberheid fan de ferskate data wurde, as it noadich is, op de gearkomsten bysteld

## Fertsjintwurdigers ferienings/ynstânsjes (klankboerdgroep)

Utnoege wienen:

- VE
- Hummelhof - pjutteplak
- Alderein
- Damklup T.O.G.
- Stifting Easterbarren
- Toeriste-ynformaasje-post
- TV Marslach
- Gymnastyk- en Volleybalklup
- Undernimmersferiening
- Iisklup
- Pr. Gemeente Eastermar
- St. Komerik
- IBS De Bolster
- St. Eastermars Lânsdouwe
- KBS de Balsemyn
- WV Tusken Mar en Leyen
- St. Eastermarder Skûtsje
- Doarpskrante BREEDút
- Marruters

## Gearstalling inisjatyfgroep (ynventarisaasje ûnderwerpen)


Douwe Brouwer  
Gabe Taekema  
Swaan Postma-Vondeling  
Feike Hamstra (Doarpsbelang)  
Thomas de Jong (Doarpsbelang)

## Ynventarisasaasje ynbrochte ûnderwerpen

- |    |  |    |  |    |   |
|----|--|----|--|----|---|
| 1  | Mooglikheden foar starterswenningen kreëarje       | 33 | Wytfeansterfeart: opwurdearje/ferbreedzje/ útdjipje                      | 61 | 'Jeu-de-boules'baan yn it sintrum   |
| 2  | Wenromte bouperselen                               | 34 | Hingplak foar senioaren - Breed  | 62 | Mear sportmooglikheden, byg. judo   |
| 3  | Proseduere bouoanfragen ferienfâldigje             | 35 | Televyzjestasjon ETV Eastermarder televyzje                              | 63 | Tribune Burgerkamp  |
| 4  | Multifunksjonele nijbou                            | 36 | Iepenbier húske mei pylken oanjaan                                       | 64 | Lange-ôfstânsswim-wedstriid tusken Mar en Leien   |
| 5  | Krusing Gr. Hoarnstwei-Beimastrijtte (sjoch ek 43) | 37 | Doarpswacht  | 65 | Weriepening 'speed'sône Burgumer Mar  |
| 6  | Gjin heechbou                                      | 38 | Eigen boargemaster   | 66 | Skeelerbaan op iisbaan  |
| 7  | Alde hokken Heechsân                               | 39 | Belied 'net-parkeare yn 'e buorren' oanskerpje                           | 67 | Stifting Burgerkamp: gearwurking fuotbal, kuorbal, folleybal, tennis                      |
| 8  | Wenje oan it wetter                                | 40 | Akwadukt Skûlenboarch  | 68 | Sportseal fergrutsje  |
| 9  | Lúkse wenningen                                    | 41 | Doarpsútwreiding: eastkant doarp - nije rûnwei bedr. terrein / Swartewei | 69 | Iepen dei foar alle sporten   |
| 10 | Toeriste-ynformaasjesintrum                        | 42 | Metro  | 70 | Grutskalich kuierevenemint (foarb. Slachtedyk)  |
| 11 | Minwaarfoarsjenning/ ûnderkommen toeristen         | 43 | Opnij ynrijochtsjen/ werstrukturearring fan brêge oant Grutte Hoarnstwei | 71 | Nivo sportmooglikheden yntakt hâlde   |
| 12 | Ferhier boaten                                     | 44 | Kabelbaan lâns Burgumer Mar  | 72 | Better ûnderhâld paden m.n. swimplak  |
| 13 | Skûlplakken oan kuier & fytspaden                  | 45 | Untsluting Skûlenboarch  | 73 | Der moat in Hema & Aldi komme   |
| 14 | Oanskaf rûnfearboat                                | 46 | Buorren: rinpaden tagonklik meitsje foar gebrûkers rollators             | 74 | Untw. wiete yndustry Skûlenboarch   |
| 15 | Kuierpaad eastkant Lits en noardeastkant doarp     | 47 | Ienrijochtsingsferkear E.M. Beimastrijtte omdraaie                       | 75 | Net te folle bedriuwichheid   |
| 16 | Wetter Wâltse trochlûke nei Snakkerbuorren.        | 48 | Helihaven oanlizzje  | 76 | Bedriuwichheid stimulearje: mear winkels & hoareka  |
| 17 | Nije kuier- en ruterpaden (sjoch ek 15 en 19)      | 49 | Nije 'âlde' strjitlampen. Sjoch Wâltse                                   | 77 | Ytkafee   |
| 18 | Swalkershutten                                     | 50 | Sintrumfunksje Breed/ doarpsplein  | 78 | Lytsskalich bedriuweterrein; lege buorkerijen mooglik te brûken foar bedriuw & rekreaasje |
| 19 | Ferbining Boarstleane - swimplak                   | 51 | Pealtsjes Skoalstrjitte fan noard nei súd                                | 79 | Bensinepomp foar auto en boat   |
| 20 | Paviljoen Burgumer Mar                             | 52 | Iepenbier ferfier nei oare plakken byg. spoarstasjon H'garyp/Bûtenpost   | 80 | Mear lytse nijsgjirrige winkelstjes   |
| 21 | Temarûte as toeristelûker                          | 53 | Fryskerbus moarns & jûns   | 81 | Dam Jaarsmamuseum   |
| 22 | Museum foar wettersport                            | 54 | Eigen bus foar Eastermar (sjoch 52)                                      | 82 | Ferbining meitsje mei kultuerstêd Drachten  |
| 23 | Rekreaasjeúntwikkeling sânput Joereleane/ Mûnekamp | 55 | Grutte Hoarnst: opnij betegelje en drompels oanlizzje                    | 83 | Kultuerhistoaryske atlas  |
| 24 | Rekreaasje: wite fytsplan                          | 56 | It Breed autofrij  | 84 | Erfgoed Wâldhûskes brûke as fakânsjehûske   |
| 25 | Eastermar temadoarp. As Terherne                   | 57 | Oanlis skeelerbaan   | 85 | Grut dam/skaakboerd op it Breed   |
| 26 | Starteilân Burgumer Mar                            | 58 | Rotonde yngong doarp by tinkstien  | 86 | Muzykpodium op it Breed   |
| 27 | Subtropysk swimbad                                 | 59 | Iepenbiere trailerhelling  | 87 | Wenje en wurkje op itselde plak   |
| 28 | Rekreaasjefoarsjenning Mûnewier                    | 60 | Utwreiding tennisbaan  | 88 | Mienskipromte foar kulturele saken. Ek foar 50+   |
| 29 | Rekreaasje moai mar net tefolle                    |    |  |    |   |
| 30 | Boartersplak Heechsân                              |    |  |    |   |
| 31 | Behâld en ûnderhâld sânpaden                       |    |  |    |   |
| 32 | Steande mêstrûte nei Earnewâld oer de Pein         |    |  |    |   |

- |   |   |  |
|---|---|--|
| 89 Oprjochting toanielklub                          | 95 Skûtsjesile op 'e Burgumer Mar/IFKS/doarpsskûtsjes                                       | 98 Iepenloftspul   |
| 90 In trekkerdei                                    | 96 Rekreaasjefoarsjenningen súdkant Lits: banken, fisk- en picknickplak + herstel wâlkanten | 99 Alle strjitnammen yn 't Frysk   |
| 91 Mûne op 'e brêge-ein (Mûnewier)                  | 97 Sanearing loadsen yn 'e buorren / Land en Antonides                                      | 100 Hynstewaad by de Mar   |
| 92 Drompels Swartewei by Lytse Hoarnst              |   | 101 Rekreatyf fytspaad súdeastkant Burgumer Mar - súdkant Lits > lestwei Sumar         |
| 93 Foarstellingen Tryater ensfh.                    |   | 102 Rekreaasje oan/op it wetter. Eastkant Mar/súdkant Lits: fêste lisplakken wenboaten |
| 94 Kontoeren plattegrûn fan (âldtoer)tsjerke op hôf |   |  |

### Bevolking naar leeftijd Eastermar per 01-01-2008 - 1574 inwoners, verdeeld in de volgende leeftijdsklassen



## Feriening Doarpsbelang Eastermar

Part fan de notulen (fêststellen doarpsfisy) fan de ledegearkomste op 22 april 2008, 20.00 oere, yn gebou 't Hoekje.  
Oanwêzich: 41 persoanen

### 8 - Besprekken / Fêststellen doarpsfisy 2010-2020: 'In nije tiid, in nije wize fan sjen'.

De foarsitter seit as ynlieding dat in tinkgroep yn de hjerst fan 2007 úteinset is mei de doarpsfisy. Op in pear nei binne alle ferienings en ynstellings fan Eastermar frege om gedachten en suggestjes nei foaren te bringen. Inkelde ferienings dy't fergetten wiene, binne letter noch benadere.

Op de 1e gearkomste binne mear as 100 plannen en suggestjes ynbrocht. Der is doe in wurkgroep gearstald. Dy hat alles besjoen en in seleksje makke. Yn in twadde gearkomste is dy seleksje besprutsen en bysteld/oanfolle. It resultaat is yn konseptfoarm mei de BREEDút oan alle ynwenners tastjoerd.

De bedoeling is om de Doarpsfisy jûn fêst te stellen. Dêrnei sil der fan it plan in profesjoneel boekwurkje makke wurde. Dit bart mei help fan Josse Postma. By de ferskillende haadstikken wurde foto's opnommen dy 't makke binne troch Koen Tadema. It bestjoer sil in oanbiedingsbrief opstelle, wêrmei't it boekwurkje oanbean wurde sil oan de gemeente (B&W en Ried) en oare ynstânsjes. It is fansels de bedoeling dat dy ynstânsjes by it opstellen fan har belied rekken hâlde mei de winsken fanút Eastermar, sa't dy yn de Doarpsfisy opnommen binne. It bestjoer wol jûn graach de miening fan de fergadering witte oer de ynhâld fan it konsept. Ek wurdt de fergadering frege om in miening te jaan oer de fersprieding fan de Doarpsfisy ûnder de ynwenners. Moat it oan alle leden tastjoerd wurde, moat it downloaden wurde kinne of moat it tsjin kostpriis beskikber steld wurde.

De besprekking fan de konsept-doarpsfisy fynt plak oan de hân fan in Powerpoint-presintaasje mei in mûnlinge taljochting op de haadstikken.

### 1 - Romte en Wenjen (útwreiding eastkant doarp; ynwreiding Heechsân; wenje yn 't bûtengebiet; bûtenpleatsen)

*G. Terpstra* fynt dat it realistysk is om te bouwen om it tal ynwenners yn stân te hâlden, net om te wriedzjen. Elk doarp wol dat, mar it is bekend dat de ynwennertallen de kommende jierren tebekrinne sille. Jo meie al bliid wêze as je it ynwennertal yn stân hâlde kinne. Wenjen yn it bûtengebiet sil in protte argewaasje jaan. Dat moat je net dwaan. Eltsenien dy 't grûn yn it bûtengebiet hat, wol dêr wol bouwe, mar it moat krekt bûtengebiet bliuwe. Neffens him is der gjin behoefte oan de saneamde bûtenpleatsen. Der binne hjir al genôch mooglikheden om te rekreäarjen, dêr hoege gjin grutte bûtenpleatsen mei tagong foar publyk by te kommen. Soks is mear geskikt foar it noardlike diel fan Fryslân.

*E. Lahuis* freget oft it net better is om je op ien punt te konsintrearjen. Hy fynt dat it no te breed ynset wurdt. Om de jeugd yn it doarp te hâlden moat primêr ynset wurde op útwreiding fan de doarpskearn. Dat is ek de haadline fan de fisy.

*J. Kroes* freget oft it hiele bestjoer de miening hat, sa as yn it plan ferwurde. Okkerjiers wie der in konkreet gefal mei de bou fan de nije wenning fan Timmerman oan de Achterwei. Hy hat doe oan it bestjoer frege hjir aksje tsjin te ûndernimmen, mar doe joech it bestjoer net thús. It hanneljen fan it bestjoer yn dat gefal stie heaks op dizze fisy. De foarsitter seit dat it bedoelde bouplan yn oerienstimming wie en is mei it jildende bestmingsplan. It bestjoer kin dêr neat oan dwaan en reagearret nea op yndividuele bouplannen dy 't passe yn fêststelde bestmingsplannen. In oare fraach is oft der net alerter reagearre wurde moatten hie op it bestmingsplan, doe 't dat ta stân kommen is. Dyselde fraach kinne de bewenners fan de Achterwei harsels stelle.

*O. Brouwer* seit dat oer it bouwen yn 't bûtengebiet yn it plan stiet, dat der 18 km. bûtenwegen om Eastermar lizze en dat der 3 wenningen op in kilometer wêze kinne. Neffens him moatte guon wegen krekt útsluten wurde foar wenningbou om't der sprake is fan in karakteristike wearde of kultuer-hystoaryske wearde.

De foarsitter seit dat dit lêste ek de bedoeling is. Dat stiet ek yn de tekst. Dat moat krekt yn de konkrete útwurking kritysk besjoen wurde. Der is gjin beswier tsjin it ferfalle litten fan it útgongspunt fan 3 wenningen op in kilometer.

### 2 - Wenjen en Wurkjen

*A. Kieft* seit dat it takennen fan in bedriuwbestimming oan it neamde terrein oan de Grutte Hoarnst meibringe kin, dat der wer mear frachtferkear oer dizze wei gean sil. Wolle wy dat? De foarsitter seit dat de Grutte Hoarnstwei no ek foar bestmingsferkear iepen stiet. Dat feroaret net. De bedoeling is hjir de festiging fan in bedriuwssammelgebou mooglik te meitsjen. De eigner fan de grûn wol dit ek graach. Hy tinkt dat dit mar beperkt swier ferkear meibringe sil.

*E. Lahuis* tinkt dat in mooglike útwreiding fan it bedriuwegebiet op Skûlenboarch wol grutte bedriuwen meibringe kin. De foarsitter antwurdet dat Skûlenboarch bûten it eachweid fan de doarpsfisy falt.

*O. Brouwer* freget oft it bedriuwssammelgebou bedoeld is foar de ferskate lytse bedriuwkes (û.o. zpp-ers), sa as dy no yn de buorren te finen binne.

*W. Postma* freget oft ek ynventarisearre is hoefolle belangstelling't der ûnder sokke bedriuwen is foar festiging yn in bedriuwssammelgebou. De foarsitter jout oan dat it sammelgebou yndied bedoeld is foar de neamde lytse bedriuwen. Der hat noch gjin ynventarisearre west.

### 3 - Byld-/kwaliteitsplan

*E. Hoekstra* kin him wol fine yn de bedoelings fan dit ûnderdiel fan it plan. Hy is as 'buorman' wol nijsgjirrich nei de plannen foar de loads. Is it de bedoeling hjir wenningbou mooglik te meitsjen? De foarsitter jout oan dat no noch net te sizzen is wat dêr komme sil. Dat is in kwestje fan neiere ynfolging. It giet der om dat foar it hiele gebiet yntegraal besjoen wurdt hoe't it 'upgrade' wurde kin.

*O. Brouwer* is fan miening dat it wol wat stelliger formulearre wurde kin. Troch it yn syn gehiel te besjen ûntstiet der in moaie kâns om in tal rotte plakken yn it sintrum op te romjen en de boel op te kreasjen mei in goed ynwreidingsplan.

#### 4 - De Buorren

*P. Loos* fynt dat it pân fan de eardere bakkerij der ek net fraai útsjocht no't it leech stiet. Troch dit mei te nimmen yn de fisy ûntstiet der in kâns. *J. Kroes* is it dêr mei iens. Der moat no net ôfwachte wurde, mar sjoen wurde oft der wat mei dien wurde kin. By need mar oankeapje!

*Frou J. van der Veen* freget nei de stân fan saken mei de plannen foar 't Breed. De foarsitter seit dat in wurkgroep hjir mei dwaande is. Der binne yn oerlis mei de omwenjenden al plannen makke foar de koarte termyn. Dy plannen binne ek al lang oan de gemeente foarlein mar der is mar foar in part reaksje op kommen. Dat jildt ûnder oare foar it feroarjen fan it ienrjochtingsferkear. Foar de langere termyn geane de gedachten út nei in werynrjochting. It gehiel moat dan mear in plein wurde mei meardere funksjes, mar sa min mooglik auto 's. Dat moat noch yn oerlis mei de omwenjenden neier útwurke wurde. De wurkgroep is fêst ree en jou útlis hjiroer oan frou van der Veen. It pân fan de bakkerij is hjir net meinommen. It wurdt wol neamd by de oandachtspunten fan haadstik 8. It giet hjir om in partikulier gebou dat op himsels net suterich is.

*S. Wijnsma* merkt op dat hy as eardere hierder it rjocht fan earste keap hat.

*O. Brouwer* fynt dat der mei mear faasje wurke wurde moat oan de plannen foar 't Breed. Neffens him wurdt der al mear as 10 jier oer praat. Der moat in kear wat barre!

*S. Wijnsma* en *frou J. van der Veen* wize der op dat der ferskate bedriuwen oan 't Breed en de Beimastrijtte festige binne. Dy moatte wol goed te berikken wêze foar frachtauto's foar de befoarrieding.

*D. Brouwer* fynt dat dit lêste reden te mear is om druk te setten op it omlizzen fan it ienrjochtingsferkear op de Beimastrijtte.

#### 5 - Ynfrastruktuer en Ferkear

*P. van der Wiel* tinkt dat in rotonde in goede saak is foar de ferkearsfeiligens, benammen foar fytsers.

#### 6 - Rekreaasje en Ynfrastruktuer

*A. Kieft* freget oft Doarpsbelang him net hurd meitsje kin foar it ôfskaffen fan de toeristebelesting. Dat makket Eastermar en omkriten noch oantrekliker foar toeristen. De foarsitter seit dat Doarpsbelang hjir no gjin

miening oer hat.

*E. Hoekstra* freget oft it kuierpaad De Stryp net trochlutsen wurde kin nei de Mâlewei. Dat makket it paad noch oantrekliker. De foarsitter seit dat der dan mear eigners by de plannen belutsen binne. Lykwols kin der nochris nei sjoen wurde.

*O. Brouwer* fynt de gedachte oan in paviljoen by de Burgumer Mar klare loffytsjerij. Dêr moat wat him oanbelanget gjin enerzjy yn stutsen wurde. De hearen *Loos*, *Kroes* en *Terpstra* slute har hjirby oan. Besletten wurdt om dit punt ferfalle te litten.

*W. Postma* freget him ôf oft der ek argeologyske beheinings binne foar in fytspaad Lits-Houwinksreed. Hy tinkt dat dit goed útsocht wurde moat. De foarsitter fynt dy opmerking terjochte. Dit sil earst goed útsocht wurde moatte.

*G. Terpstra* fynt dat de rekreaasje-ûntwikkeling by Skûlenboarch yn alle gefallen net rjochte wurde moat op de sânwinput. Dat is net reëel, sjoen it feit dat dêr in bulte foarsjennings troffen wurde moatte yn ferbân mei de feiligens. Sjoch mar nei de sitewaasje by oare sânwinputten. De foarsitter seit dat it giet om de omjouwing fan de put. Hy is it fierder mei de sprekker iens.

*Frou E. de Jong* seit dat de Ruterferiening gebrûk makke hat fan de mooglikheid om noch in reaksje út te bringen. Dat is skriftlik bard. No wurde ruter- en menpaden faak belemmere troch feeroasters, balken esfh. It soe in goede saak wêze om by de oanlis fan nije fyts- en kuierpaden ek romte te hâlden foar ruters. De foarsitter seit dat yn de tekst al rekken hâlden is mei de opmerkings. Fierder is oanjûn dat de ruterferiening by de neiere útwurking belutsen wurde sil.

#### 7 - Kultuer

*E. Lahuus* tinkt dat in Dam Jaarsma-museum opnommen wurde kin yn it besikers- en ynformaasjesintrum dat ûnder de kop Rekreaasje en Ynfrastruktuer neamd is. Dat is foar beide foarsjennings better yn ferbân mei de personele besetting en de eksploitaasje.

*Frou E. de Jong* freget oft oer dit plan al kontakt west hat mei neibestendende fan Dam Jaarsma. De foarsitter antwurdt dat it no giet om in fisy. Pas by de útfiering en ynfolling wurdt der oerlein mei belanghawwenden. Foar wat de lokaasje oanbelanget gean de

gedachten yn earste ynstânsje út nei in histoarysk pân. It is fansels wol sa, dat de troch de hear Lahuus neamde aspekten wol in rol spylje sille.

#### 8 - Ferskate oandachtspunten

*A. Kieft* freget wêrom't de sport net meinommen is. De besteande oerdutsen akkommodaasje is al jierren te lyts. De ferienings kinne har aktiviteiten hjir net goed organisearje. De foarsitter seit dat hjir gjin ideeën oer ynbrocht binne. Dat sil fêst te krijen ha mei resinte ûntwikkelings op dit gebiet. *S. Hoekstra* fynt in adekwate sportfoarsjening wol yn 't belang fan de leefberheid fan it doarp. Dêrom soe it wol passend wêze om hjir yn de fisy wat oer op te nimmen. De foarsitter is it dêr op himsels wol mei iens, mar fynt dochs dat de fraach fan de hear Kieft mear spesifyk oer it útwreidzjen fan in besteande akkommodaasje giet. As dêr goede arguminten foar binne, dan kin dy fraach no ek by de gemeente dellein wurde. Dêr is gjin doarpsfisy foar nedich.

#### Algemiin

*P. van der Wiel* mist in prioriteite-oersjoch en in tiidsplanning. Neffens him past dat wol yn in beliedsplan. De foarsitter seit dat hjir bewust net foar keazen is. De realisearring fan de ferskate ûnderdielen sil foaral ôfhinklik wêze fan eksterne mooglikheden en ûntwikkelings. Tink oan gemeentlike plannen en projekten, mar ek oan subsydzjes. Dêr moat op ynstutsen wurde kinne en dat bepaalt eins ek mei de folchoarder. Fansels moat der wol in planning komme sa gau as dúdlik is dat der kâns op útfiering is.

Foar wat betreft de beskikberstelling fan it plan oan de leden en ynwenners binne de measte oanwêzigen fan miening dat folstien wurde kin mei it tsjin kostpriis beskikber stellen. Dêrnjonken soe de tekst fan it plan op de webside publisearre wurde kinne as te downloaden dokumint. Dan is 't foar eltsenien digitaal tagonklik.

De foarsitter slút dêrnei dit wichtige punt ôf mei tank foar de ynbring en de reaksjes.

Henk Hoekstra, skriuwer

*Doarpsfisy 2010 - 2020*

**In nije tiid, in nije wize fan sjen**

*In útjefte fan*

Doarpsbelang Eastermar, juny 2008

*Foarmjouwing*

Josse Postma, Ljouwert

*Fotografy*

Koen Tadema, Eastermar

*Oplaach*

100